

Ingezonden

(Over ingezonden stukken kan niet worden gecorrespondeerd. Ze kunnen ook niet worden teruggezonden. Anonieme inzendingen of stukken zonder duidelijk adres van de inzender worden niet in behandeling genomen. De redactie behoudt zich altijd het recht voor de stukken in te korten. De maximale lengte is als regel 100 woorden. Red LC)

Frysk en Frij

It „Te Gast“-artikel fan deputearre Liemburg (LC, 20 jannewaris 1988) moat ik in pear opmerkings oer kwyt. Har konstataarring dat, yn it ljocht fan de striid tusken de lannelike en de provinsjale deiblêden, Frysk en Frij „inkeld in râneferskynsel“ is, kin ik it formeel mei lykfine. Likegoed fyn ik it in ûnfochsumme opmerking, om't er in suggestje fan distânsje yn him hat. In distânsje dy't fierder rikt as allinnich Frysk en Frij. Want Frysk en Frij soe gjin râneferskynsel wêze as it Frysk yn it algemien dat net wie. Ik miende, wy hiene in provinsjale oerheid om no krekt dat râneferskynsel de mooglikheden te jaan dy't it út himsels net hat. Dy tiid hat kenlik west. De no-nonsense-karavaan trekt verder, de schuivende kamelen voorop.

De deputearre skriuwt de Fryske deiblêdútjouwers in „ideële tradysje“ ta. Mei oare wurden: as it om it Frysk giet, giet it net mear om 'e sinten. De praktyk is oars. De Friese Pers ferpoft it om in dichtbondel fan Geart fan der Mear út te jaan sûnder sybsydze, wylst de útjouwer oertsjûge wie fan de hege kwaliteiten fan de fersen.

Neffens de deputearre ha de Fryske deiblêdútjouwers bewiisd dat se in krante meitsje kinne foar in grut publyk. Se witte ek hiel goed „hoe't réagearre wurdt op mear en minder Frysk yn 'e krante“. Wat dy réaksjes binne, wurdt de lêzer net gewaar, mar se binne kenlik al fan ynfloed op it belied. Dat soe wolris fiergeande gefolgen ha kinne. Of binne dy no al te fernimmen.

De deputearre is fan betinken dat in blêd as Frysk en Frij (mar dan better) yn potinsje gâns mear as 5000 lêzers ha moatte kin. Foar it gemak wurdt even fergetten dat Frysk en Frij 5000 abonnees en dus sa'n 15.000 lêzers hat. Fan de 90.000 Friezen dy't it Frysk goed lêze kinne (dochs in betingst foar it nimmen fan in abonnemint, soe ik sizze), lêst in sechsde part dus Frysk en Frij. It liket net tige wierskynlik dat dy oare 75.000 ek noch oer de drimpel holpen wurde kinne. Net elk dy't noaten lêze kin, spilet alle wiken piano.

Dat de deputearre de ynset fan Frysk en Frij-frijwilligers „de earmoede fan it blêd“ doart te neamen, fyn ik der bytroch. Elk soe it fansels graach oars ha wolle, mar de posysje fan it Frysk is sa behyplik (en sil dat ek bliuwe), dat it sûnder de ynset fan in stikmannich healwizen net kin. Dêr sit neat begrutliks of heroys yn, mar it is al de realiteit. It Frysk kin himsels net bedrippe. En dy kant sil it dochs mear út moatte as de profesjonele oanpak foar kar nommen wurdt.

Dat de kwaliteit fan Frysk en Frij it lêste jier oer alle boegen better wurden is, haw ik de deputearre net oer heard. Dat Frysk en Frij oan alle betingsten fan de provinsje ryklik foldien hat (op dy iene ûnsinnige fan 7000 abonnees nei), likemîn. Mar dat binne teare punten miskien.

„De frijwilligers moatte mei har klachten by it eigen stiftingsbestjoer wêze, dat warskôgings fan de provinsje net earnstich nommen hat“, skriuwt de deputearre. Dat hat it stiftingsbestjoer al (sjoch foargeande alina), en fierder hat de provinsje sels ek gauris noflik west oangeande it hantearjen fan de betingsten. It is deputearre Liemburg min oan te rekkenjen dat mei har kenlik gjin ûnderhânse ôfspraken te meitsjen binne, mar har slotopmerking dat DS „dizkear neat oars dien (ha) as har oan de regels hâlde“, tsjûget fan autoritêr wettisisme. De deputearre mei dan formeel yn har rjocht stean, soms geane ideële ferplichtings fierder.

Tollebeek. Eppie Dam.

Fremd Steatistik

It is in nuveraardich stik, dat Deputearre Steaten oer Frysk en Frij nei de steatekommisje Wolwézenssaken stjoerd hawwe. De earste flaters steane al yn de earste de bêste sin. Dêr stiet dat Frysk en Frij yn 1980/1981 oergie op in oare formule. Frysk en Frij is lykwols noait oergien op in oare formule en hat ek gjin plannen yn dy rjochting. Wat doe wol wizige is, is de frekwinsje: Frysk en Frij kaam faker út. It makket - sêft sein - wat in frjemde yndruk as yn in Steatistik dy twa begripen troch elkoar helle wurde.

Yn dy earste sin stiet dus noch in flater: fan moanne- nei wykblêd. Frysk en Frij ferskynde yn it earstoan ienris yn 'e moanne, mar it wie fan 'e miet ôf oan it doel der op 'en doer in wykblêd fan te meitsjen. Yn it earste jier, 1972, kamen tolve nûmers út. Yn 1974 32 nûmers. Op dit stuit ferskynt Frysk en Frij mei 41 nûmers yn it jier. De frekwinsje is dus stadich-oan tanommen en it doel is no noch altyd op mei fyftich nûmers út te kommen. De krante waard ek tsjokker. Yn de begjintiid wie er meast acht siden, no tweintich. Der is dus noait in sprong makke fan moanne- ta wykblêd, lyk as it stik suggerearet.

It soe in te lang en ûnlêsber ferhaal wurde as de finger lein wurde moast by alle plakken, dêr't it stik net krekt is. Dêrom noch mar inkelde dinkjes. Der wurdt suggerearre, dat Frysk en Frij yn 1981 en 1982 bedraggen krige fan f 272.500 en f 434.500. „Mei't dat sa net trochgean koe...“, stiet yn it stik. Frysk en Frij hat dy bedraggen lykwols noait hân. It hat op syn meast goed f 226.000 west. En dat mar ien jier.

Dat gie de Provinsje lykwols te stuf en yn 1981 frege deputearre Mulder oan it bestjoer: As jimme jim eksploitaasjetekoaart no ris beheinden ta maksimaal f 150.000. It bestjoer tekene dêr in stik foar. Op „frijwillige“ basis, want op grûn fan de tydskrifteregeling hie der mear subsydzejild te krijen west. De provinsje ferplichte him tagelyk ta it meitsjen fan in aparte regeling fan Frysk en Frij.

Underwilens waard de stichting Jacobus van Loon oandroegen om mei in plan te kommen foar in Frysk en Frij, dêr't nei ferrin fan jierren gjin subsydze mear by hoegde. It bestjoer makke dat plan, oer de jierren 1982 oant en mei 1991. De saken soenen profesjoneel oanpak wurde, mei twa of trije redakteuren, in aparte man/frou foar advertinsjes, in aparte man/frou foar de abonneewinnerij en neam mar op. Tekoart yn it earste jier f 229.220, ôfrinend nei nul. Oer 1988 soe it subsydze noch krapoan f 20.000 west hawwe. Yn 1991 soe der jild oer wêze by 15.000 abonnees. Mar it wie wer net goed. Wannear wol trouwens? Koart om 'e hoeke: de provinsje woe de oanrin- subsydze net betelje, dêr't it net sûnder koe.

Yn 1983 waarden troch de provinsje nije easken steld: 7000 abonnees en in abonnemintsjild fan f 50. De kombinaasje fan dy beide mei elkoar stridende opdrachten wiene foar it bestjoer oanlieding om de provinsje te freegjen oft it net oars koe. Dy gelegenheid kaam op op 4 septimber 1985. It bestjoer lei alles wiidweidich út. Deputearre Mulder hie ien en oar al ris yn him omgean litten en yn in earder stadium al alle mooglike detaillearre ynformaasje krige - dêr't er it bestjoer tank foar sei - en sei oan 'e ein fan it petear: Ik doch jimme in útstel. It tal fereaske abonnees wurdt werombrocht nei 5000 en it abonnemintsjild mei oant en mei 1988 op f 39 stean bliuwe (it is ûnderwillens f 49). It bestjoer wie akkoart. Graach. Der soe noch in ferslach stjoerd wurde. Dat kaam oars mar noait, dat dêr is in kearmanlich oer skille. Mar op 19 desimber, mear as in fearnsjier letter, dêr wie it dan dochs.

Der komt op 12 july 1988 in

brief fan de provinsje, dat it steatebeslút fan 1983 (fan 7000 abonnees en f 50 abonnemintsjild) net wizige wurde sil, wylst de ôfspraak mei deputearre Mulder, foar it bestjoer útgongspunt fan it belied wie. Wat hie it bestjoer doe dwaan moatten/kinnen? Nei sokene tsjinstridige útspraken?

Wy litte no mar de kribbekeurichheden sitte oer de fraach oft „proefabonnees“ no wol of net abonnees binne. Lyk as dy oer de abonnee-administraasje, dy't nefens it stik net doge soe. De provinsje hie dat ûndersykje sille, mar dat is noait bard. Noch ien ding: der wurdt Frysk en Frij ferwiten, dat it jild te folle kostet en te folle jild oerhâldt. . . . Allinne yn 1986 is de post fan akwisysje foar abonnees/advertinsjes foar in fiks part net opbrukt. Mar der is - yn tsjinstelling ta wat it stik suggerearet - wol alle war dien om oan nije abonnees te kommen. En dêr komt it dan ek troch dat Frysk en Frij mear abonnees hat as hokker Frysktalich blêd ek.

Huizen (NH). Mr. L. H. Bouma, foarsitter stifting Jacobus van Loon.

Frysk en frjemd

Doet Deputearre Steaten ein desimber mei it útstel om it subsydze foar Frysk en Frij yngeande 1989 yn te lûken, wie it frjemd, dat de haadredaksje fan 'e LC hielendal net réagearre op dat nuvere útstel, dat folslein stridich is mei wat trochgean moat foar it provinsjale taalbelied. No't DS mei in notysje kommen binne om harren belied foar de Steatkommisje oer te ferdigenjen, komt Wiebe Pennewaard ynienen mei in redaksjoneel stik, dat krityklike as de saneamde argumenten fan it kolleezje folget en dêr sels noch in skepke boppenop docht.

De notysje fan DS hinget lykwols fan ûnwierheden en unkretheden oan elkoar. Pennewaard fynt it sinfol om tenei in skieding te meitsjen tusken it nut fan in folslein Frysktalich wykblêd en „het vreemde administratieve verleden van Frysk en Frij“. Mei dat ferline wolle wy graach no yn ien kear foargoed ôfprekkenje, sadat wy ús fierder wer alhiel talizze kinne op wêr't it om giet: it yn stân hâlden fan in goed Frysktalich wykblêd as „Frysk en Frij“.

De administraasje soe net doge. Dat is net wier. Yn 'e begjintiid hat dat miskien wolris it gefal west, trochdat der tefolle lju oer gear west hawwe. Mar dy tiid is al lang foarby. Allinne wie it koart lyn noch sa, dat de abonnees yn kaartbakken sieten. Dy waarden lykwols goed byhâlden. Mar de provinsje hie dêr problemen mei om't it tal lêzers net samar út dy kaartbakken helle wurde koe, want fansels komme dêr it hiele jier troch mutaasjes yn. Wol koe it tal oer de post ferstjoerde nûmers ôflaat wurde út de rekens fan de PTT en wie oan 'e ein fan it jier yn 'e boekhâlding wol te finen hoefolle abonnemintsjild der yn-bard wie.

Mar dat wie de provinsje net genôch, want dêr koe it tal fêste abonnees noch net krekt út berekene wurde. Want der wiene gauris aksjes foar it winnen fan nije abonnees. Dy krigen dan foar in skaplik pryske de krante foar de rest fan it jier tastjoerd en ferplichten har foar in abonnemint yn it folgjende jier as hja net foar 1 desimber skriftlik opseine. Sokene wiene neffens ús lykwols wol abonnee, want elke abonnee hie en hat it rjocht om foar 1 desimber op te sizzen. De provinsje woe sokene lykwols net meitelle en fierde it begryp „proefabonneminten“ yn. Dat soarte fan kribbekeurichheden hat lykwols neat te krijen mei de administraasje.

Der wurdt ferwiten, dat it jild dat yn 1985 en 1986 op 'e begrutting stie foar akwisysje net opmakke is. Dat komt omdat it yn dy tiid net slagge dêr geskikte lju

foar op en paad te krijen en trochdat de troch de provinsje ôftwongen lêsjildferheging meibrochten, dat dy aksjes hieltyd minder opsieten.

De Steaten besleaten yn 1983, dat yn 1987 it subsydzeramt op syn wurking hifke wurde soe. DS hawwe no lykwols allinne mar konstataarre, dat oan de eask fan 7.000 abonneminten net foldien is. By hifkjen fan de subsydzjeregeling hie ek besjoen wurde moatte hoe't dat kaam en oft dy subsydzjebetingsten wol ridlik en útfierber wiene.

Ljouwert.

R. Straatsma, skriuwer/skathâlder fan de Stifting Jacobus van Loon, AFUK.

Terp Hogebeintum

Verleden jaar stond er een bericht in de LC over de verzakking van de kerk van Hogebeintum. Er zou een onderzoek naar de verzakking worden ingesteld, dat wel 3,5 ton zou moeten kosten. Ik heb destijds op dit bericht gereageerd met het voorstel de te ver afgegraven terp met aarde aan te vullen teneinde verdere verzakking van de kerk te voorkomen. Voor dat bedrag zou er al heel wat aarde zijn aan te voeren en zouden de moeilijkheden wellicht kunnen worden opgelost. Ik wil graag nog eens herinneren aan dat idee, nu er alarmerende berichten komen over de grondverschuiving door de overvloedige regenval. Men zou eerst eens naar de opgevlude terpen van Foudgum en Hantum kunnen kijken.

Wijns.

J. Bergmans.

Verzakende terp

Naar aanleiding van de berichten over de verzakkingen in de terp van Hogebeintum en de berm bij Blauwhuis zou ik willen opmerken, dat die verzakkingen geen wonder zijn. Er valt erg veel regen en waar geen bomen of struiken staan heeft de grond dan geen houvast. Heeft men te maken met steile hellingen, zoals bij een terpweg of een berm, dan kan er onverwachts grond wegschuiwen.

Ik heb in de jaren 1920-1925, toen de terp van Hogebeintum voor de tweede keer werd afgegraven, daar met mijn vader nog verscheidene vrachttjes weggehaald. Er stond toen een ladder met 22 treden bij de terp op. Ik vermoed, met name ook wat de verzakkingen in de kerk betreft, dat er destijds te veel aarde is weggehaald.

Heb je een hoge weg, zoals bij Blauwhuis, met een sloot ernaast, die tot aan de rand toe vol water staat, dan kan het nog meevallen met die grondverschuivingen. Maar het waterpeil in de sloten wordt tegenwoordig te laag gehouden. Er zou bij het malen meer rekening moeten worden gehouden met de enorme regenval. Een goede begroeiing van de bermen kan nog veel onheil verhinderen, maar vele wegen bezitten geen beplanting meer. Ik heb veertig jaar in het bomenrooien gezeten en waar de bomen gekapt werden kwamen de wegen mee door het zware verkeer in een labiele toestand te verkeren.

Volgens mij zou men de sloten niet te diep moeten uitmalen bij overvloedige regenval zoals de laatste tijd. Tegen water is niets bestand. Maar water kan ook steun bieden bij het voorkomen van verzakkingen van bermen. Als je dan leest dat er met palen wordt gewerkt, kun je wel stellen dat dit onvoldoende is. Palen zijn afdoende als ze meters diep de grond in gaan en een soort walbeschoeiing gaan vormen. Maar dat kost een vermogen. Nog eens, men moet meer werken met de kracht van het water.

Rijperkerk.

R. F. Riedstra.

Bomen in Sneek

